# ZON-DAG BOEK



## PROTESTANTSKE GEMEENTE
## Wurdum Fr e.o.
### Snein, 21 oktober 2012



### Wolkom
Op dizze mylde oktobersnein hjit de âlderling fan tsjinst ús wolkom. It iepeningsliet is Gesang 303 (1, 2,3): *"De ware kerk des Heren, in Hem alleen gegrond."*



**Lampke stikken**
Ds. De Haan merkt op dat it lampke boppe de Bibel it net docht. We sille der dit kear as gemeente foar soargje moatte dat der wat mear ljocht fan ûnderen nei boppe giet.

### Bibelsk sitaat
Dit winterskoft fertelt hieltyd immen út ús gemeente, hokker Bibeltekst him of har yn it bysûnder oansprekt. Dit kear komt Anneke Bakker-.Bosma oan it wurd. Hja lêst út de mear as 60 jier âlde



sjongbondel fan Joh. de Heer "Ten dienste van HUISGEZIN en SAMENKOMSTEN" in liet, dat neffens Anneke ek hjoed de dei ûnferoare aktueel is: It refrein giet sa: "Zeg het toch voort, o zeg het toch voort!" Dy tekst is bekend want guon minsken yn tsjerke knikke as se de wurden fan dit liet hearre.

### Skriftlêzings
Linda Jongbloed lêst út Hannelingen 16: 4-15 en Johannes 16: 4-5.



Foarôfgeand oan de preek sjonge wy Gesang 14: *"De Heer is mijn Herder! 'k Heb al wat mij lust."*

### Preek



Ds. De Haan vertelt over Paulus, die Europa bezoekt om een nieuw geloof in de oude wereld te brengen. Een boodschap die niet een onverslaanbare maar een zachtmoedige God verkondigt. Een God die zichzelf met Kerst identificeerde met een mens. Paulus verliet de vertrouwde muren van de synagoge en reisde naar het onbekende. En de eerste bekeerling in Europa wordt een vrouw, Lydia. Een purperverkoopster, een ondernemer dus. Lydia wordt met haar hele gezin gedoopt. Opnieuw een vrouw in de hoofdrol, zoals dat in de Bijbel zo vaak het geval is. De reis van Paulus was zwaar, hij begon in het klein en waar heeft dat niet toe geleid? Daarom hoeven wij niet bang te zijn om onze gemeente te zien krimpen. Een kleine gemeente kan de samenhang versterken, geeft nieuwe kansen en kan leiden tot nieuwe vormen. We mogen weten, dat we het bij de opbouw van Gods gemeente niet allemaal zelf hoeven te doen, God is er bij.



**Stilte en Oargelspul**
Nei de preek is der oargelspul. Dêrop sjonge we Gesang 330 (1 en 3): *"Heb dank, o God van alle leven".*

**Blommen**



Ofrûne freed binne Durk en Hanna Reitsma troud, it ynseinigjen wie yn dizze tsjerke. It breidspear hat besletten dat de twa prachtige blomstikken (dy't yn tsjerke stean bleaun binne) bestimd binne foar de 2 kosters dy't doe tsjinst hiene, te witten Wiebe Brouwer en Sake Mink.



**Oare meidielings**

De ferkeapmiddei is wakker slagge; de opbringst is € 1.749,--.
Justermoarn moasten de beammen om tsjerke hinne snoeid wurde. Der kaam in grutte ploech manlju opsetten, dat de klus wie yn in goed oere klear. De mannen wurde tige betanke.
Kommende tongersdei is der yn de Fikarij wer in noflike middei foar senioaren, fersoarge troch de wurkgroep PKN-UVV. Elkenien is wolkom.

**Kollektes**

1e kollekte: Nederlânsk Bibelgenoatskip
2e kollekte: tsjerklik wurk.

## Dankgebed- foarbeden- stil gebed.

Yn de gebeden wurdt yn it bysûnder oandacht frege foar Willem Grovenstein en syn frou Annie yn de Theodorus Beekhûsstrjitte en harren neisten.



## Slotliet en seine



We sjonge Gesang 308: *"In Christus is noch west noch oost."*

We keare nei hûs mei de seine fan de Hear
*-De Heer zij voor je om je de goede weg te wijzen.*
*-De Heer zij naast je om je in de armen te sluiten en je te beschermen.*
*-De Heer zij achter je om je te bewaren voor valsheid.*
*-De Heer zij onder je om je op te vangen als je valt.*
*-De Heer zij in je om je te troosten als je verdrietig bent.*
*-De Heer zij om je heen om je te verdedigen.*
*-De Heer zij boven je om je te zegenen.*
*Zo zegene je de algoede God.*

Amen.



**Meiewurkers**

| | |
|---|---|
| Foargonger: | ds. Gerrit de Haan |
| Oargeliste: | Klaske Deinum |
| Koster: | Drees Visser |
| Alderling fan tsjinst: | Corry Brouwer |
| 2e âlderling: | Arie Dol |
| Diakens: | Tjitske Cnossen en Hinke Meindersma |

